

Hannelingen 02,11

Bruorren en susters, gasten,

Jonges en fammen, wa fan jimme kin prate yn in oare taal as yn it Frysk? [...]
Lit ris wat hearre! [...]

Wat bysûnder dat der sa'n protte talen binne. Tink jimme ris yn dat jimme yn dizze tsjerketsjinst it wolkom taroppen wie mei dizze wurden:
[moarns:] "Moarn! Goedemorgen! Good morning! Bonjour! Dzjen Dobre! An neong ha seo! Suba uwahanaaksen!" //
[middeis:] "Middei! Goedemiddag! Good afternoon! Bonjour! Dzjen Dobre! An neong ha seo! Duhur uwahanaaksen!"

En dat yn ús fermidden dan minsken út Fryslân en út it oare part fan Hollân, minsken út Ingelân, Frankryk, Poalen, Korea en Somaalje wienen. Dan hienen dy elts yn har eigen taal in 'moarn' / 'middei', of 'goeie' heard.

Dat is bysûnder. Sa wienen der yn Jeruzalem Joaden dy't oeral wei kamen, en dy hearden de learlingen fan Jezus dingen fertellen yn harren eigen taal. In wûnder. Wat betsjut dat wûnder? Nei dy fraach sjogge wy yn dizze preek. Dat giet oer Pinkster. Mar it hat betsjutting ek foar ús hjoed. Wy libje yn 'e tiid fan Pinkster. De tiid fan de Hear en fan 'e Geast.

Tema fan de preek is: WAT BETSJUT IT WÛNDER FAN AL DY TALEN MEI PINKSTER?

Om te begripen wat it wûnder betsjut moatte wy earst sjen nei **de opset fan it boek** Hannelingen. Dat boek folget in fêststeld program. Dat program hat de Hear Jezus sels neamd doe't Hy nei de himel gong. Dat program stiet yn Hannelingen 1,8. Wy sille it no lêze. [LZ]

Jongerein, hawwe jimme wolris in stien yn it wetter smiten? Ast dat dochst, dan komme der alle gearre kringen yn it wetter. Der komt earst ien kring, en dan noch ien, en dan noch ien: hieltyd gruttere kringen, hieltyd fierder... Sa wurket Kristus' program. Gods Geast soarget dat it bliid boadskip fan God hieltyd fierder giet: fan de stêd Jeruzalem nei de provinsje Judea, nei de provinsje dêrnjonken: it troch de Joaden ferachte Samaria, en dêrfandinne sels de hiele wide wrâld oer.

De Heare Jezus hat oan syn learlingen de opdracht jûn om mei dat program útein te setten. Mar Jezus, soe Jezus net wêze, as Hy net **goed foar syn learlingen soarge**. Foardat Hy harren der op út stjoert jout er harren earst syn hillige Geast! Dat is Kristus' Helper foar syn learlingen om mei it bliid boadskip fan God de hiele wrâld oer te gean.

De Geast fan Kristus **manifestearret himsels mei tekens** fan it lûd fan in ferheftigen wyn, en mei in ferskynsel dat op flammen fan fjoer liket... Dy fjoerflammen binne net echte fjoerflammen, mar wat te sjen is liket der op. Fjoertongen wurdt ek wol sein. Dat wiist op it wûnder dat hja sprekke yn allerhanne talen... Dy wyn is gjin echte wyn. It is it *lûd* as fan in hurde wyn. Mar der bewege gjin tûken. Dy wyn docht my tinken oan wat Jezus sein hat fan

de hillige Geast: 'De wyn waait dêr't er hinne wol, en jo hearre syn lûd, mar jo witte net wêr't er wei komt en wêr't er hinne giet; sa is it ek mei elk dy't berne is út de Geast.'

Tink jimme ris yn dat wy dat fan 'e moarn heard hienen yn Dokkum. It lûd fan sa'n ferheftige wyn. **Ferline hjerst** hearde ik op 'e radio oer in hurde stoarm, dy't oer Nederlân gong en fan alles fernielde, mei fûle sniebuien. Mar op dat stuit hearde ik sels hielendal gjin wyn, wylst it yn Dokkum ornaris faak waait. Fan dat nijs op 'e radio hearde ik ferheard op: 'Stoarm? Hoe dat sa? Ik hear hielendal neat. It is hjir blêdstil...'

Mar tink jo ris yn dat jo noch op bêd lizze, en jo hearre de wyn om jo hûs hinne gûlen. Jo sjogge út it finster wei, de loft is blau en alle beammen steane rjocht oerein, en gjin bledsje beweecht. It lûd fan de wyn is yn de binnenstêd sterker. Jo strûpe hastich de klean oan en sille nei de stêd ta, om te sjen wat dat betsjut.

Sa lûkt de Geast de ynweners fan Jeruzalem nei it plak ta dêr't de learlingen fan Jezus by inoar binne. As eltsenien der is, en hja yn kloften drok mei inoar yn petear binne wat dat lûd dochs wêze kin, dan nimme Jezus' learlingen it wurd. En dan hearre de minsken net mear dy wyn boppe alles út, mar dan hearre hja allegearre dy learlingen yn har eigen taal praten. Wat Jezus' learlingen sizze is in boadskip fan God foar harren.

Wat opfalt yn Hannelingen 2 is dat dat boadskip fan God yn it earste plak ornearre is foar de **ynweners fan Jeruzalem**.

De Geast makket de tongen los. Petrus neamt in hiele rige folken yn waans taal it evangelje te hearren is. Wat binne dat foar minsken dêr yn Jeruzalem? It is goed om te sjen dat al dy minsken oer wa't it hjir giet Joaden binne. En dan ek noch Joaden dy't yn Jeruzalem wenje. Sjoch mar yn fers 5: it giet oer Joaden út alle lannen oer de hiele wrâld dy't yn Jeruzalem wenje.

It giet hjir dus net oer de Joaden dy't bûten Jeruzalem wenje. Bygelyks de Joaden út de ferstruiging, de saneamde diaspora-Joaden, dy't nei de ballingskip de hiele wrâld oer fersille binne, en dy't dêr no noch wennen. It giet hjir al hielendal net oer de heidenen, de net-Joaden.

De minsken dy't hjir op it lûd fan dy ferheftige wyn ôfkomme, binne twa groepen Joaden: it binne Joaden dy't hikke en tein binne yn Jeruzalem en dêr noch hieltiten wenje. It binne ek Joaden dy't hikke en tein binne yn de diaspora, mar dy't har dan op har âlde dei yn Jeruzalem nei wenjen set hawwe om dêr it lêste part fan har libben te sliten. Petrus neamt krekt dy lannen op dy't falle yn it gebiet dêr't de Joaden dy't fersille binne telâne kaam binne. Dy Joaden binne grutbrocht mei it Gryksk. Mar hja hawwe ek de taal leard fan de krite dêr't hja wennen. Dat wie einliks har memmetaal. Foar de ien de taal fan de Meden, foar de oar de taal fan de Elamiten, ensafuorthinne. Nei't hja nei Jeruzalem kaam wienen en in plak yn Jeruzalem fûn hienen bleauwen se it Gryksk ûnder inoar brûken.

No't dy Joaden út Jeruzalem hjir mei Pinkster op dat lûd fan dy wyn ôfkomme, hearre hja ferheard har eigen memmetaal. Net it Gryksk, mar de taal dy't se altyd hearden yn har foarige heitelân, of faaks moat ik sizze 'har foarige libben', want dy tiid wie in gâns part fan har libben.

Dat dizze Joaden dy't yn Jeruzalem wenje earst oan bar binne, hat alles te krijen mei de ynhâld fan it boadskip fan God. Hja hearre Jezus' learlingen fertellen fan **Gods grutte dieden**.

Nim no **Tobias**, in Joad dy't yn Jeruzalem wenne. Hikke en tein yn Asia, mar hy wennet al tsien jier yn Jeruzalem. Hy hat Jezus oan it wurk sjoen. Hy besaude him oer wat hy hearde en seach. Mar hy woe net leauwe dat Jezus de Soan fan God wie. Doe't Jezus oppakt wie en ta de dea feroardield wie, wie it foar Tobias alhiel dúdlik: 'Dy Jezus is net Gods Soan. Hy fertsjinnet de dea'. In wike letter tocht Tobias net mear oan Jezus.

Mar no is it Pinkster. Tobias is ek op it lûd fan de wyn ôf kaam. En wa sjocht er dêr? De learlingen fan Jezus! En wat sizze hja? 'Wat jimme hearre en sjogge, dat is dat God syn tasizzing neikomt. God jout de hillige Geast.'

'De hillige Geast?', tinkt Tobias, 'is dat de hillige Geast? Mar de tasizzing fan 'e **hillige Geast** heart dochs by de tasizzing fan de **Messias**? As de Messias komt, dan jout Hy de hillige Geast. Wêr is dy Messias dan?... Ho ris! Petrus neamt de namme fan Jezus! Is dat net dy man dy't in set lyn krusige is? Wat hat Hy mei de hillige Geast te krijen?'

Tobias en al dy oare Joadske harkers krije gâns wat foar de kiezzen. Harkje mar.

'Witte jimme noch fan Jezus?', seit Petrus. God hat Him stjoerd. Jimme hawwe Him oan it krús slaan litten, mar dat is krekt wat God yn 't foar witten en beskikt hat. Jimme hawwe Him fermoardzje litten, mar God hat Him opwekke út 'e dea. Jimme hawwe Him útspuid, mar God hat Him de heechste hearlikheid jûn en Hear makke! Wat hawwe jimme dien? Jimme hawwe Gods leafde ôfwisid. Gods útstutsen hân. Mar as *Jezus* it net docht, wa sil jimme dan rêde út Gods oardiel?...

Ynienen falle de skilen Tobias fan 'e eagen. Wat hawwe wy dien? Wy sieten by wize fan sprekken yn in baarnend hûs. De brânsputters kamen by ús mei de ljedder. Hja rôpen: 'Lit jimme rêde út dit baarnende fjoer.' Mar wy hawwe 'nee' sein! Wat moatte wy no dwaan? Kinne wy dochs noch rêden wurde? En al dy Joaden út Jeruzalem freegje de learlingen fan Jezus: 'Wat moatte wy dwaan?' ...

-

'Wat haw ik dien?' en 'Wat moat ik dwaan?', hawwe **jo** josels dat ek wolris ôffrege? Dat jo tochten 'ik bin op 'e goede wei', 'wat ik dien haw wie goed', mar dat jo letter twifelen? Nim no Jezus Kristus, de Soan fan God. Wa is Hy foar jo? Mei Hy in plak hawwe yn jo libben? It heechste plak? Wannear't jo *libben* in rûnte is, mei dêryn in troan, wa sit dan by jo op de troan? Jo wurk, jo jild, in sport, jo sels... of Jezus?... Wannear't jo nei jo *leauwen* sjogge: hokker plak hat Jezus Kristus dêryn? Prate jo wolris mei Jezus Kristus persoanlik? Hâlde jo fan Him? Wolle jo eltse dei wer witte wa't Hy is en hoe't Hy libbe? Sjogge jo der nei út dat Hy syn libben, hoe't Hy wie en die, ek yn jo leit?...

Wannear't wy oer sokke fragen neitinke, dan kinne wy waarm wurde en ús gelokkich fiele, mar de skrik kin ús ek om it hert slaan.

God hat in boadskip foar ús. Mei Pinkster tsjûget Gods Geast dêrfan. It boadskip fan God is dat Hy **grutte dieden docht**. Wannear't Joaden út dy tiid de wurden 'Gods grutte dieden' hearden, dan tochten se oan it machtige ferlossingswurk fan God de Hear, sa't Hy dat yn it ferline blike litten hie. Bygelyks doe't Hy syn folk út Egypte, út it slavehûs weihelle hie.

Petrus belûkt dizze wurden op wat God allegearre dien hat troch syn Soan Jezus Kristus. Hy is de Hear yn waans namme minsken rêden wurde. Wiere ferlossinge krije minsken allinnich troch Jezus Kristus.

En tink dan nochris oan de **ynwenners fan Jeruzalem**. Wat dúdlik komt hjir út dat God minsken rêde wol. Want it binne krekt dy ynwenners fan Jeruzalem dy't krekt oer Jezus sa hurd roppen hawwe: 'Oan it krús mei Him!' Hja hawwe mei de liederen fan it folk en mei de Romeinen gearwurke om Jezus út 'e wei te romjen.

En no is it Pinkster, Jezus hat fan syn Geast útstreame litten op syn learlingen, en wat docht de Geast fan Jezus Kristus? Hâld wat Hy docht fêst as **wichtich wurk fan de hillige Geast**. Hy lit troch de tsjinst fan Petrus de ynwenners fan Jeruzalem sjen hoe slim it dêr mei har foar stiet. Hy lit har ek Gods útwei sjen, hoe't God har út dit swiere waar ferlosse wol! En Hy oertsjûget de ynwenners fan Jeruzalem fan har ûngelyk!

Doe't de Joaden dy't yn Jeruzalem wennen hearden wat Petrus sei, doe gong it harren troch alles hinne en se seinen tsjin Petrus en de oare apostels: "Wat moatte wy dwaan, mannen, bruorren?" En Petrus antwurde harren: "Bekear jimme, en dan moat elk fan jimme him dope litte mei it neamen fan de namme fan Jezus Kristus om ferjouwing fan sûnden te krijen en dan sil jimme de hillige Geast skonken wurde."

Gods grutte dieden, dat is dat de Heare God minsken dy't it út harsels tsjin Him yn de kant sette, it sicht jout op hoe ferlern se binne sûnder God, en dat God har syn leafde sjen lit, dat Hy fan har hâldt, *wat se ek dien hawwe*, en dat God makket dat se har ûngelyk tajouwe en belies jouwe en har tenei oan Kristus tabetrouwe... 'Wat hja ek dien hawwe': sels de ynwenners fan Jeruzalem dy't sa direkt belutsen wienen by it fermoardzjen fan Jezus hâldt God syn útstutsen hân ta. Deselde deis kamen der sa'n trijetûzen minsken by dy't Gods wurd oannamen en har dope lieten.

Wat falt der in grutte lêst fan Tobias ôf: Ik haw Jezus de doar wiisd, mar de Heare Jezus hat my fannemoarn roppen en ek ik mei troch Him by God komme. Jezus wol ek oer myn libben Ferlosser wêze.

God hat in boadskip foar ús. Ik wit net wêr't jo oan tinke as jo hearre fan de hillige Geast en syn wurk, mar Hy wol ús yn Kristus' útstutsen earmen driuwe! Dat is syn wichtichste wurk. God wol dat wy God kenne en Kristus en dat wy libje mei Him. Dat Kristus mei syn folsleine leafde en hearrigens yn ús wennet en ek nei bûten ta komt. Dat it sa is, dat wannear't jo en ik earne komme, minsken Kristus sels moetsje... En dan is it grutste wûnder net, dat hja yn al dy ferskate talen prate. Mar it grutste wûnder is dat de God fan himel en ierde út alle folken minsken ropt om wer mei Him te libjen. Sa't Jezus tsjin syn learlingen sein hat: 'Meitsje alle folken learlingen fan My'. En sa't it boek Iepenbiering seit dat Jezus Kristus 'minsk foar God kocht hat út alle stammen, folken en naasjes fan allerhanne taal.' Ek dij en jo en my hat God op it each.

Elk dy't de namme fan 'e Heare oanropt, sil behâlden wurde. It bliid boadskip fan 'e hearskippij fan Kristus oer ús libben, dat Hy ús befrijet ta libben deun by Him, mei ûntsach en ek wakker eigen, dat moat eltsenien hearre yn syn eigen taal.

God siket ús behâld. Tink der om: syn earste doel is net it behâld fan talen, mar it behâld fan minsken. Mar yn dat ramt fan it behâld fan minsken binne dy talen dochs wichtich. Dat iene nijs fan God, dat moatte alle minsken hearre yn har eigen taal. Dêrom is it ek sa wichtich wat bygelyks in organisaasje as Wycliff Bibeloerseters docht. Hja geane nei folken ta dy't de bibel noch net yn har eigen taal hawwe. En hja dogge alle war om de bibel ek yn har taal oer te setten. [By de útgong fine jo folders hoe't jo it wurk fan Wycliff Bibeloerseters stypje kinne.]

Ik tink hjir ek oan de Joaden út Judea. Sels dy Joaden út Judea hearre de learlingen fan Jezus praten yn har eigen taal. Mar hja prate dochs deselde taal? De minsken yn Judea sprutsen njonken it Gryksk ek it Arameesk. It kin ús fernuverje dat hjir dan njonken it *Arameesk út Galilea* ek it *Arameesk út Judea* neamd wurdt. Mar dan moatte jo witte dat it Arameesk fan Galilea en dat fan Judea elk in eigen tongfal hat. De minsken út Judea hearre de learlingen fan Jezus dy't út *Galilea* komme, praten yn Arameesk mei har eigen *Judeeske* aksinten. Dat is krekt sawat as ik mei myn Frysk út de wâlden samar Frysk fan 'e klaai sûnder wryt of slyt prate soe.

Wat moai dat de Geast sa wurket: elk heart fan Gods grutte dieden yn syn eigen taal. Ek oan de ferskate dialekten yn in taal giet de Geast fan Kristus net foarby.

De Pinksterdei leart wat wy hearre moatte yn ús eigen taal: Wat dogge jo mei Jezus Kristus? Hoe reagearje jo op Gods boadskip ek foar jo persoanlik? Mei Gods Geast jo winne foar Kristus, dat jo jo ferset opjouwe en jo oan Him oerjouwe? Litte jo jo ynsette foar it tsjûgenis fan Jezus Kristus? God wol dat wy libje. En dat wy libje mei Him.

As lêste neam ik noch dit: God siket it behâld fan minsken. Dêrfoar brûkt er taal. Al dy Joaden dy't yn Jeruzalem wennen hie God troch syn learlingen ek wol oansprekke kind yn it Gryksk. Dat ferstienen hja allegearre. Mar God de Heit keas derfoar om har oansprekke te litten **yn har memmetaal!**

Blykber wurket it sa:

*Dat libben mei God de Heare, ja de Heare sels, moat ús sa ticht mooglik op 'e hûd komme. Wannear't jo Gods boadskip hearre yn jo eigen memmetaal, dan komt it jo **tichter op 'e hûd**. It komt tichter by jo hert.

*God wol ek dat syn wurden net oer ús hinne geane. Wannear't jo it evangeelje hearre yn jo memmetaal komt it better oan. As wy inoar dingen fertelle en útlizze dogge wy dat yn ús memmetaal. Dan begripe wy inoar. Gods nijs moat ús ek oansein wurde **yn de taal dy't wy fersteane**.

*Der komt noch in ding by: Gods boadskip hat te krijen mei ús libben fan alle dagen. Mar dan is it nuver as wy foar ús libben fan alle dagen ús eigen gewoanten, libbenswize en taal der op nei hâlde, en dat wy foar it libjen mei de Heare in oare taal en oare gewoanten ynfiere. God wol mei syn Geast, de Geast fan Jezus Kristus, **yn ús libben fan alle dagen komme**. As wy *twa ferskillende talen* brûke foar ús libben troch de wike en foar ús tsjerklik libben, dan

bestiet it gefaar dat dat *twa ferskillende saken* wurde yn ús libben. It Hollânsk foar it geastlike en it Frysk foar alle dagen. Dat wy it alle dagen te sizzen hawwe en de Hear allinnich foar de sneins...

Of, om in oar foarbyld te neamen: dat wy thús by alles it Frysk brûke, mar dat wy bibel lêze en bidde yn it Hollânsk. Krekt oft de Heare gjin Frysk ferstiet of dat dat net earbiedich genôch is.

Mar dêrfoar hat it net Pinkster west! Jezus Kristus wol yn jo libben komme. Yn jo en myn libben fan alle dagen.

En dan kin bidde yn it Frysk ús bêst ôffalle, om't wy dat net wend binne, mar wy leare it allinnich troch it te dwaan. Ik moedigje jo dêrta oan.

Jezus Kristus is Hear. Syn Geast tsjûget fan Him. Mei Jezus Kristus mei syn ferlossing ek jo libben fan alle dagen behearskje?

Amen

Liturgy:

Moarns:

Fotum en groet

Gesang 102b: 1.2.3 (GK 26)

Wet

Ps.63: 1.2

Gebed

Lêze: Hannelingen 2,1-42

Ps.67: 1.2.3

Tekst: Hannelingen 2,11

Preek

Ps.87: 1.2.3.4.5

Tankgebed en foarbea

Jeften

Gesang 102b: 4.5 (GK 26)

Segen

Middeis:

Fotum en groet

Gesang 102b: 1.2.3 (GK 26)

Gebed: Liet 327: 1.2.3

Lêze: Hannelingen 2,1-42

Ps.67: 1.2.3

Tekst: Hannelingen 2,11

Preek

Ps.87: 1.2.3.4.5

Belidenis fan it leauwen: Ges.123: 1.2.3.4 (GK 2)

Tankgebed en foarbea

Jeften

Gesang 102b: 4.5 (GK 26)

Segen

Hannelingen 2,11

Wy hearre harren yn ús eigen taal fertellen fan Gods grutte deden.

Lêstroaster:

Genesis 11,1-9 Spraakbetizing fan Babel. It plan fan de minsken om ien te wêzen tsjinoer God lit de Hear mislearje. Gods Geast jout wiere ienheid troch Gods Soan Jezus Kristus.

Numeri 11,10-17.24-30 God leit fan syn Geast dy't op Mozes lei no ek op santich âldsten fan Israel. Mozes seit: 'Ik woe wol dat de Heare syn hiele folk profetearre en dat Hy syn Geast op alle gearre lei!' Joël seit dit ta. Mei Pinkster is it safier.

Johannes 1,29-34 en **Hannelingen 1,4-5** Johannes seit dat Jezus doopt mei de hillige Geast. Jezus hat sels de Geast tasein.

Numeri 28,26-30 De deis fan 'e earstelingen bringe de Joaden de Heare in nij moaloffer. Fan de earste rispinge fan it lân. It Pinksterfeest yn Hannelingen 2 falt gear mei dit feest.

Matteus 28,18-20 en **Iepenbiering 5,9-10** God ropt minsken út alle folken, en út elk taalgebiet.

Johannes 16,5-11 Jezus yn syn ôfskiedstaspraak fertelt dat de Geast de minsken oertsjûget fan har ûngelyk. Hawwe jo wolris beliis jûn en jo ûngelyk tajûn? Neam ris in foarbyld.

Program: fan Jeruzalem, nei Judea, nei Samaria, en de hiele wrâld oer.

Nijsgjirrich is dit: Yn Lukas' boek Hannelingen sjogge wy itselde patroan as wat Jezus neamt yn syn program yn Hannelingen 1,8. De taal fan it boek Hannelingen makket geandewei it boek sels in ûntwikkeling troch. It giet fan in Gryksk dat âldtestamintysk oandocht, fia in ienfâldich Gryksk dat wy ek út de evangeliëboeken kinne, en in beskaafd gongber Gryksk, nei in taal dy't him mear oanslút by in heech nivo Gryksk. Ek yn it taalgebrûk yn syn boek lit Lukas útkomme dat de Geast makket dat eltsenien yn syn eigen taal heart fan Gods grutte deden.

Pinkster: feest fan 'e rispinge.

Pinkster is foar de Joaden it feest fan de rispinge. De earste jefte fan de rispinge, fan it nôd bygelyks, wurde oan God jûn. Dêrnei kinne de minsken begjinne om de fierdere rispinge yn te heljen... Sa is de Geast de earste jefte fan Kristus nei't Hy yn de himel op de troan sitten gien is. En no kinne Jezus' learlingen de fierdere rispinge ynhelje. De rispinge dy't hja ynhelje bestiet net út nôd, mar út minsken: nije learlingen fan Jezus dy't de Geast jout.

Mei it iene evangelië eltsenien besykje te berikken dêr't hy/sy is.

It wûnder fan de talen slút oan by it program fan it boek: De hiele wrâld sil it evangelië/tsjûgenis fan Jezus Kristus hearre yn syn eigen taal. De ferkundiging fan it evangelië wurd eltse kear oanpast oan de sprektrant en tinktrant fan de harkers!! Yn de synagoge heart it oars as yn petear mei de filosofen yn Athene! Wat leare wy derfan yn ús tsjûgenis fan it iene evangelië fan God?

bibeloerseters

Webstee Wycliffe Bibeloerseters: www.wycliffe.nl/

1. Fotum en groet*Fotum*

Us helper is de Heare
dy't himel en ierde makke hat. (Ps 124 : 8)

Groet

Mei genede en frede jimme jûn wurde
fan Him dy't is en dy't wie en dy't komt,
en fan de sân geasten dy't foar syn troane steane,
en fan Jezus Kristus, de trouwe Getuge,
dy't as earste fan 'e deaden opstien is en hearsket oer de keningen fan 'e ierde.

2. Sjonge : Gesang 102b (=26b) Hjoed is ús de Treaster kommen!**1** Hjoed is ús de Treaster kommen!

Jezus, nei de himel fearn,
Jezus, fan dizz' ierde nommen,
lit ús net as wezen stean.
De Foarseine haww' w' ûntfongen,
't is de krêft fan God de Hear
en 't is foechsum, kear op kear
fan syn kommen lof te sjongen.
Alle tekens binne mei:
hearlik riist de Pinksterdei!

2 Lof de Geast, dy't fan omhegen
útstjoerd wurdt fan Heit en Soan.

Lit de lofsang allerwegen
stige ta syn hill'ge troan.
Loovje Him dy't jout en jûn wurdt
útstjoerd wurdt en sels wer stjoert,
God is, en in godlik goed
dat by syn gemeente fûn wurdt;
Him dy't skept en wer fernijt,
oan de Hear ús herten wijt!

3 Lof de Geast, Hy sil net wike
fan syn tsjerke, kocht mei bloed.

Altyd sil syn bystân blike,
hoe't de fijân op har loert.
Sochte skiep, o wol net skromje,
as de nacht jim wreed oerfoel,
eangje net om paad of doel!
Soe de Geast des Heare slomje?
Is 't gefaar soms tichteby,
oer syn keppel wekket Hy.

3. Gebed

4. Lêze: Hannelingen 2: 1- 42

1 Doe't it oan 'e dei fan it Pinksterfeest ta wie, wienen se allegearre op ien en itselde plak byinoar; 2 doe kaam der ynienen út 'e himel in gerûs oft der in ferheftige wyn oanstrûzen kaam; dat klonk troch it hiele hûs dêr't se sieten. 3 Der ferskynde harren wat dat op flammen fan fjoer like, dy't útinoar gongen en dy setten har op in elk fan harren del; 4 en se waarden fol fan 'e hillige Geast, en begûnen allegearre yn oare talen te sprekken, al nei't de Geast it harren ynjoech har te uterjen.

5 No wennen der yn Jeruzalem Joaden, fromme mannen út alle lannen fan 'e wrâld; 6 en op it hearren fan dat gerûs kamen de minsken fan alle kanten der op ta; se rekken alhiel fan 'e wize, want in elk hearde harren yn syn eigen taal sprekken. 7 Se wienen ferheard en seinen fol ferwûndering: 'Binne dat net allegearre Galileeërs, dy't der oan it wurd binne? 8 Hoe komt it dan, dat in elk se praten heart yn syn eigen memmetaal? 9 Parten, Meden en Elamiten, ynweners fan Mesopotamië, Judéa en Kappadoasië, Pontus en Asia, 10 Frygië en Pamfylië, Egypte en dat part fan Lybië dat by Cyrene leit, Romeinen dy't hjir tahâlde, 11 Joaden en dy't Joad wurden binne, lju fan Kreta en út Arabië, wy hearre harren yn ús eigen taal fertellen fan Gods grutte deden.' 12 Se wienen der allegearre glêd mei oan en seinen tsjin inoar: 'Wat hat dit te betsjutten?' 13 Oaren besloegen it mei de gek en seinen: 'Se hawwe tefolle swiete wyn han!'

14 Mar Petrus kaam mei de alve oaren nei foaren, en spriek de minsken mei lûde stim ta: Jimme, Joaden en allegearre dy't yn Jeruzalem wenje, dit moatte jimme witte, harkje dus nei myn wurden. 15 Dizze lju binne net dronken, lykas jimme oannimme, want it is noch mar njoggen oere yn 'e moarntiid. 16 Nee, dit is wat de profeet Joël oankundige hat:

17 Yn it lêstoan fan 'e dagen, seit God, sil Ik fan myn Geast útstreame litte op alle minsken. Dan sille jimme soannen en dochters profetearje; jimme jongerein sil fizioenen krije en jimme âlderen dreamgesichten 18 ja, ek op myn slaven en slavinnen sil Ik yn dy dagen fan myn Geast útstreame litte en dan sille se profetearje. 19 Ik sil wûnders jaan boppe oan 'e himel en tekens ûnder op 'e ierde, bloed en fjoer en wâlmjende reek, 20 de sinne sil tsjuster wurde en de moanne read as bloed, eardat de grutte, strieljende Dei fan de Hear komt. 21 Dan komt it sa, dat elk dy't de namme fan 'e Heare oanropt, behâlden wurde sil.

22 Mannen fan Israel, harkje nei myn wurden: Jezus de Nazoreeër wie in man mei in godlike opdracht; dêr hat God jimme it bewiis fan jûn troch machtige wûndertekens, dy't God troch Him yn jimme bywêzen dien hat, lykas jimme sels wol witte. 23 Hy is, sa't God it fan te foaren witten en beskikt hat, oerlevere en jimme hawwe Him oan it krús slaan en fermoardzje litten troch minsken dy't de wet net kenne. 24 Mar God hat Him opwekke en fan 'e weeën fan 'e dea ferlost; it koe ommers net bestean dat dy dea Him fêsthâlde. 25 Want David seit oer Him: *Ik hie de Hear aloan foar eagen, Hy is ommers oan myn rjochterhân, dat ik net oan it wankeljen reitsje soe.* 26 *Dêrom is myn herte bliid en jubelet myn tonge, ja, sels myn lichem sil rest fine, omdat ik derop hoopje, 27 dat Jo my net yn it deaderyk bliuwe litte en jo Hillige it ferdjer net ûndergean litte sille. 28 Jo hawwe my de paden fan it libben bekend makke, Jo sille my fol fan blydskip meitsje deun by Jo.*

29 Mannen, bruorren, fan ús foarfaar David kinne wy jimme rêstich sizze, dat er stoarn is en begroeven, en syn grêf is yn ús fermidden oant hjoed-de-dei ta. 30 Mar hy wie in profeet en wist, dat God him der in eed op dien hie, dat Er fan syn neiteam ien op syn troane sette soe. 31 Sadwaande hat er yn 'e takomst sjoen en op 'e ferrizenis fan Kristus doeld, doe't er sei: *Hy is net oan it deaderyk oerlitten en syn lichem hat gjin ferdjer ûndergien.*

32 Dyselde Jezus hat God opwekke út 'e dea, dêr binne wy allegearre getugen fan. 33 Hy is ferhege troch Gods rjochterhân; Hy hat fan 'e Heit de hillige Geast krige dy't tasein wie, en

dy op ús útstreamen litten, sa't jimme no sjogge en hearre. 34 Want David is net opfearn nei de himel, mar hy seit sels: *De Hear hat tsjin myn Hear sein: Gean oan myn rjochterhân sitten, 35 dan sil Ik fan dyn fijannen in fuotbank foar dy meitsje.*

36 Sa moat it hiele folk Israel der wis fan wêze, dat God Him Hear en Kristus makke hat, dyselde Jezus dy't jimme krusigje litten hawwe.

37 Doe't se dat hearden, gong it harren troch alles hinne en se seinen tsjin Petrus en de oare apostels: Wat moatte wy dwaan, mannen, bruorren? 38 Petrus antwurde harren: Bekear jimme, en dan moat elk fan jimme him dope litte mei it neamen fan de namme fan Jezus Kristus om ferjouwing fan sûnden te krijen. Dan sil jimme de hillige Geast skonken wurde.

39 Wat foar jimme is de belofte en foar jimme bern en foar alle gearre dy't om fierrens binne, safolle as de Hear ús God der mar by ropt. 40 En sa joech er getugenis mei gâns mear wurden en stie der tige by harren op oan: Lit jimme rede út dit ferkearde geslacht.

41 En dy't syn wurd oannamen, lieten har dope; der kamen dy deis sa'n trijetûzen minsken by. 42 Se hâlden har trou by it ûnderwiis fan 'e apostels en by de mienskip, by it brekken fan it brea en it bidden.

5. Sjonge: Psalm 67: 1,2,3

1

Mei God ús oansjen yn genede
en ús syn rike seine jaan.
Mei foar ús folk yn geunst en frede
syn antlit ljochtsje_oer al ús dwaan.
Jou dat elk op ierde / wit hoe't Jo ús liede
en jo wegen ken,
lit der heid'nen eagen, / frij fan waan en leagen,
ek jo heilljocht sjen.

2

De folken sille,_o God, Jo priizje,
ja, alle folken fier en hein;
de naasjes sil Jo lof bewiizje
en jubelsjonge_oant ierdryks ein.
Alles sil Jo earje, / om't Jo wiis regearje,
rjochtsje_oer elkenien.
Jo bin 't dy't op ierde / alle folken liede,
Jo en oars gjinien.

3

Jo lof riist op út alle lannen,
elk folk sil bliid Jo hulde dwaan.
De Hear is goed; mei mylde hannen
wol de_ierde_ús fan har fruchten jaan.
God wol om ús tinke, / ús syn seine skinke
no en iderkear;
't folk fan fiere oarden / bûcht foar syn geoaden,
frezet Him as Hear.

6. Preek oer Hannelingen 2,11b:

‘Wy hearre harren yn ús eigen taal fertellen fan Gods grutte dieden.’

7. Sjonge: Ps.87: 1.2.3.4.5

1

Op hill'ge bergen is Gods hûs fûndearre;
 hjir is de Hear foar al syn geunstfolk goed,
 oer elke went fan Jakob giet syn noed,
 dochs hat Hy Sion leaf boppe_allegearre.

2

Hoefolle hearliks kin men fan dij sizze,
 do stêd fan God, do leaflik hillichdom!
 "Egypte_en Babel sil Ik ta dyn rom
 as myn beliders yn myn oantins lizze."

3

Sjoch, folk by folk út ierde' fierste hernen,
 hja komme_as boargers yn dyn poarten foar:
 de Filistyn, de Tyriër, de Moar -
 dy heart hjir thús, en dizze is dêr berne.

4

Ja, Sion stiet it klear yn 't each te lêzen,
 en 't wurdt rûnom fan har bewenners sein:
 "Sjoch, elk foar oar is yn har berne_en tein
 en de_Alderheechste sels hâldt har yn wêzen."

5

Skriuwt God de folken op oant ierdryks einen,
 Hy telt wa't Sions bloed en berte ha.
 Dan sjongt men Him yn raaien 't lofliet ta:
 "Yn Jo, yn Jo binne_al myn heilsfonteinen!"

8. Belidenis fan it leauwe: Gesang 123

1 Ik leau yn God de Heit, dy't yn 't begjin
 de himel skepen hat en d'ierde;
 ik leau dat Hy, dy't alles kin,
 my ivich drage sil en liede.
 Hy jout my altyd myn gerak,
 en alle kwea en ûngemak
 lit Hy te'n bêsten my betoare;
 Hy sil syn help yn need my jaan,
 dat hat Hy tasein as myn Heare,
 dat sil Hy as myn Heit ek dwaan.

2 Ik leau yn Jezus Kristus, yn ús Hear,
 Soan fan de Heit, syn iennichstberne,
 en Him allyk yn macht en ear;
 Hy kaam op ierde ta 't ferlerne,
 ûntfinzen fan de Hill'ge Geast,
 Maria's soan, ús hoop en treast,

dy't yn Pilatus' dagen litte,
 dy't ienlik stoar oan 't wrede krús,
 Hy woe himsels alhiel ferjitte,
 en teach troch grêf en hel foar ús.

3 Hy is ferriizge op 'e tredde dei;
 it grêfstee iep'ne Him syn doarren.
 Sa teach Hy by syn freonen wei
 om nei de himel op te farren.
 Dêr oan Gods rjochterhân Hy sit,
 en om ús tinkt en foar ús bidt.
 Mar ienris komt Hy wer ta d'ierde
 en sprekt mei macht en majesteit
 oer alle libbenen en deaden
 it fonnis yn gerjochtichheid.

4 Sa leau ik ek yn God de Hill'ge Geast,
 ien hill'ge, algemiene tsjerke,
 fan Kristus roppen, 't lijen treast,
 fan Him ta alle striid besterke.
 Ik leau yn Gods ferjeffenis
 dy't der foar alle sûnders is,
 hoe fêst hja ek oan 't kweade klibben;
 ik leau, dat ienris, troch Gods wil,
 ta 't iiv'ge en folsleine libben
 dit stjerlik fleis ferrize sil.

9. Tankgebed en foarbea

10. Ynsammeljen fan de jeften

11. Sjonge: Gesang 102b: 4. 5 (=26b)

4 Geast fan kennis, Geast fan wierheid,
 fan geneed' en fan gebed,
 lear te gean ús by jo klearheid,
 lis ús 't heilsgeheim yn 't hert!
 Lear ús Abba, Heit te bidden,
 Jezus te beliden: Hear!
 't Al te wijen ta jo ear.
 Wenj' en wurkj' yn ús fermidden,
 suverj' yn jo hill'ge brân
 d'offers fan ús hert en hân.

5 Treaster, Salver, stoart jo seine,
 oer ús toarre grûnen út;
 lit it drippe, lit it reine
 ek oer d'allerlytste sprút.
 Leafde sil ús herten reitsje,
 libje sil wat drôvich kwynt,

as de Pinkstersinne skynt.
Noard- en sudewyn, ûntweitsje,
set jo hôf yn bloei en blom;
kom, o Geast des Heare, kom!

12. Segen

De genede fan de Hear Jezus Kristus,
de leafde fan God en
de mienskip fan'e Hillige Geast
wês mei jim allegearre. (2 Kor. 13 : 13)
(Sjonge) Amen.